



### FAN IT BESTJOER

It bestjoer hat op 25 april 2016 (de dei dat er yn Grou noch sa'n sentimeter as fjouwer hagel/snie fallen is) byinoar west by Anna oan hûs om de nije wurklist wer gear te stallen. Wy hoopje dat der ek dit kear foar elk wer wat by is.

Wy soene (noch altyd) graach de beskikking krije oer de emailadressen fan de leden sadat de wurklist digitaal oerstjoerd wurde kin. It skeelt ús fansels ek yn de kosten. Graach in berjochtsje nei [stiftinggrou@live.nl](mailto:stiftinggrou@live.nl). Minsken sûnder emailadres krije de wurklist fansels thús besoarge.

De gearstalling fan it bestjoer is net feroare: Yede vd. Veen (foarsitter), Gé van der Goot-Bangma (skriuwer), Bart van der Wyk (ponghâlder) binne it deistich bestjoer en Anna Hemstra-de Jong, Bauke Lageveen en Frans Bakker meitsje it bestjoer folslein.

### WURKLIST FOAR IT WINTERSKOFT 2016 – 2017

It plak: De grutte seal fan Hotel Oostergoo, alle jûnen begjinne om healwei achten.  
Ynformaasje : Pr. Beatrixwei 8, 9001 JM Grou, tillefoan 0566-621992

Miskien wie it al ris opfallen, mar wy hawwe in jier as wat lyn in fêst skema ynsteld foar ús jûnen. De earste jûn is op de earste tongersdei yn novimber, de twadde op de twadde tongersdei yn desimber, de tredde op de tredde tongersdei yn jannewaris en de fjirde jûn is op de earste tongersdei yn maart.

#### **Tongersdei 3 novimber.**

Miskien wiene Jo by de útrikking fan it boek of by de taljochting in pear dagen letter en miskien hawwe Jo yntusken it boek al lêzen, mar dochs moatte Jo der jûn bywêze, want **Ulke Brolsma** sil noch wat saken útien sette oer syn boek "Oarloch yn en om Grou".

#### **Tongersdei 8 desimber.**

De direkteur fan it 'Friesch Scheepvaartmuseum', de hear **Meindert Seffinga**, komt fan 'e jûn mei syn ferhaal oer trekskûten, fear- en beurttsjinsten en ek oer it libben oan board fan dizze skippen. Dit ek in bytsje taspitst op Grou.

#### **Tongersdei 19 jannewaris.**

Foar it skoft komt der immen, wêrfan wy de namme noch net priis jaan kinne. Dus in saneamde '**mystery guest**'. Benijd? .....dan net stinne ..... hinne.

It twadde part fan de jûn giet oer Heit en Mem. De measten sille wolle troch hawwe dat dit giet oer ien fan de lêste karriders mei hynder(s) en wein fan Fryslân en syn frou, Tsjebbe en Sybrigje van der Meer. Soan **Tom van der Meer** sil ferhale oer hoe't sy as bern dy tiid belibbe hawwe.

#### **Tongersdei 2 maart.**

Dizze jûn wurdt alhiel romte makke foar **Syds Wiersma** fan it Frysk Film Argyf. Hy komt dizze jûn del mei de moaiste histoaryske film- en fideobylden fan Grou, troch de jierren hinne.

Wy brûke de stipersjilden net allinne foar ús winterjûnen. Ynisjativen út it doarp wei wurde (wêr mooglik en yn oerienstimming mei de kêsten) jildlik stipe. Yn de ôfrûne trije jier hawwe wy jildlike stipe jûn oan:

**Sint Piter Kommittee, Freonen fan Tresoar, boek 'Fertier yn Grou', boek 'Oarloch yn en om Grou', boek 'Siem en Sanne sjogge Sint Piter', boek 'Jan Sjoerdsma' fjildman yn ieren en sinen, in noch te ferskinen boek oer Joast Hiddes Halbertsma en in noch te ferskinen boek oer Goïngahuzen, it Eilân en omkriten.**

Meielkoar it moaie bedrach fan € 2.435,00.

## FERSLACH OER IT WINTERSKOFT 2015 – 2016

### 5 novimber 2015.

Foarsitter Yede iepenet de earste gearkomste fan it winterskoft 2015-2016. Hjir in grôtfolle seal mei stipers wolkom en fansels in ekstra wolkom foar **Sybren van der Vlugt**. Yede docht noch efkes in weromblik en fertelt dat we nije apparatuer hawwe en dat de âldste stiper fan de Stifting Grou, Anny Bangma Wallner op 9 juny ferstoarn is. Se hat 50 jier stiper west.

Dan komt Sybren oan it wurd. It sil syn lêste kear wêze. Hy fertelt dat de Stifting 50 jier bestien hat en sil oer dy jierren fertelle fan ferskate saken út de kranten fan 1965, sa as de Provo-beweging en de hurdfytser Tiemen Groen út Follegea. Alle Frisia's út 1965 en dêrút in greep sa as grutte húshâldingen, bertes, lytse húskes, grutte huzen en yn 1965 3768 ynwenners yn Grou en 5771 yn 2015. Yn de Frisia 91 nijjersadfertinsjes, brânbult, tûgjen, de toer yn de steigers en de wizerplaten yn it doarp. De fytstocht, 350 minsken diene mei oan de sportdei. It Grouster Toaniel kin net mear, oer kuorbalkklup en It Nut. Iepening fan de sportkantine, de Timersmar, dêr't alle smoargens yn goait waard, Sint Piter, FFF mei sjoelen ensfh. Bartele de Leeuw yn dat jier 25 jier Sint Piter, Pyt Hoen sûnt 1943 Swarte Pyt. Hendrik Jetskes van der Goot molkfarder, dy't oerfearn is en rêden is. Halbertsma fabryk, adfertinsje oer de jongste bediende. Riedsgearkomsten, jonkjes fan 8 jier net by it fuotbaljen, de kosterwenning ôfbrutsen, it reisje fan Halbertsma en it Badhûs dat yn 30 jier tiid 360.000 brûsklanten hân hat.

Nei it skoft kamen de kosten fan adfertinsjes yn de Frisia oan bar, ierdgas, trekkers yn oantal grutter as hynders en it ôfskied fan Thomas Engelsma fan it Badhûs. Paden waarden makke op it opspuite lân en dêr koene brommers terjochte. Iepening fan de Bodega, hjitte earst "De Halve Maen" en iepene troch H van Slooten. Roel Wartena kampioen fierljeppen, Wielerronde, minne simmer, de bank by Oostergoo, puzeltocht te wetter, drokke simmer, by de spoarbrêge boarje nei ierdgas, ûnrêstich yn Grou, Buikstra de koperslager krige in grutte opdracht, brân op in pream mei hea, Dolle Donderdag nei de Snitswike, jachtparty by Grou, Sykmans. Izerfabryk mei opdracht nei Shanghai. Halbertsma makket kisten foar ferfier, de Grûndaam ticht, Piter Pieuw (van der Heide) stoarn, 76 jier. Master Scheffer op 26 desimber stoarn (74 jier). Hy hat 33 jier haad fan de iepenbiere skoalle west. In geweldich applaus út de seal foar Sybren en Bauke en ek Yede betanket de mannen foar dizze bysûndere jûn.

### 10 desimber 2015.

**Jan van den Bosch** en de harkers wurde wolkom hjitten troch de foarsitter. Sa as altiten wurdt útlis jûn oer de needútgongen en diskear ek oer de ferklearring fan de ynskriuwing oer it jubileumkado. Jan krijt hjirnei it wurd. Foto's fan de Jochem Nieuwenhuisstraat 62 en fan mem en heit, dy't dêr wennen. Ferhalen oer heit, oer de opgeande tiid en oer de famylje Okkema as buorlju. Jappie Helder kaam foarby, de Avro-cross, dêr't Jan oan meidien hat en oer syn maat Jentsje van der Schaaf.

Ferskate persoanen kamen foarby. Kerst Koopmans, aaisikersploegen, Knilles Nijdam, Lutzen de Jong, Klaas de Boer, Tom van der Meer, Ultsje Hosper (poeke hosper), oer de poes fan Hosper op it stasjon fan Grou, Bauke Hooghiemster, Reinder Beeksma en de famylje Hallema.

Nei it skoft kamen FFF-feesten, Jappie en Janneke, Aant Albertsma mei syn grappen en de foarstelling Durk Snoad yn 1975. Al mei al in tige werkenbere jûn mei ferskate persoanen. Tom van der Meer joech as tank in boskje blommen oan Jan. De seal betanke Jan mei in lûd applaus wat fansels ek foar Bauke wie. De foarsitter die der noch in skepke oerhinne.

**Tjitske Yntema-Reitsma** is op 28 desimber ferstoarn, se is 90 jier âld wurden.

## **21 jannewaris 2016.**

Wolkom troch de foarsitter oan **Jan Piter Rottine** en alle minsken yn de seal. Foar't Jan Piter it wurd krijt wurdt oan de stipers frege om it emailadres troch te jaan foar safier dit der is. Dit yn ferbân mei de kosten en mocht in jûn troch omstannichheden net troch gean, dan kin in mail útkomst jaan. Jan Piter hat it oer Sânhuzen, Parkstrjitte, oer ymport en Abbema. Oer GAVC fertelt er dat S.Postma by it fuotbaljen frege: Wat is dat? Dat Rottine? Hij tocht in nije rigel by it fuotbal, mar Rottine kaam fan de Lemmer en wie net in nije rigel. Yn 1930 wie yn de Lemmer in Halbertsma houtfabryk. Heit Rottine woe masinist wurde. Fytste 2 kear yn de wike fan de Lemmer nei Ljouwert op de racefyts. Letter kaam er by de Marine. Troude yn 1944 mei Neeke. Nei it skoft foto's fan de Halbertsma's. Hidde Binnert (1830-1895) rjochte de fabryk op yn 1891. Syn soan wie Piter Gosling Halbertsma. Ferskate ferhalen oer it bedriuw, it ûntstean en it fuortbestean. Yn 1928 kaam de 4de skoarstien. Yn 1947 brân yn it stofhok, yn 1957 en 1967 nochris. In jûn dêr't in protte ferteld is oer de Halbertsma's en de Grouster fabryk. Tefolle en te yngewikkeld om yn 't koart op papier troch te jaan. JP en de man fan de plaatsjes waarden betanke troch de seal en de foarsitter.

## **3 maart 2016.**

Yede iepenet dizze jûn en hjit de sprekkers **Gjalt Wester en Lieuwe Schuurmans** en de harkers wolkom op de lêste jûn fan ús winterskoft. It rûkt nei de maitiid sei Yede. Earst komme oan bar wat húshâldlike meidielings. Spitich dat it noch altiten sein wurde moat, mar net-stipers wurdt fersocht om it kofjejild te beteljen. Yn it skoft wurdt der wer in stikje oranjekoeke by de kofje jûn om't it al wer de lêste jûn is.

Gjalt begjint út de hurde skiif fan himsels. In stikje âld Grou. De Spande Kont, de Jordaan. Syn âlden Tinus en Tryn dy't yn in buurtsje wennen dêr't gjin kapitaal wenne. Gjalt hat mei TBC lein en de buurt paste goed op him en 1 jier sanatoarium. Ferhalen oer de húshâldings dy't der wennen yn de Spande Kont, oer Piter Kintsje, it badhûs fan de fabryk, frou Looinga as kremheinsten en it stookhok by de fabryk, dat ek wolris in krematoarium wie. De Baai, oer luie Kees. Heit Tinus sei altiten: "de Oriëntexpres giet ek wer fuort". Yn de oarloch wie der gjin elektrysk, oer Kees en Fet, it Bierhallesteegje, de Boogstrjitte mei Visser de fiskboer, Ratsma dy't pianospile en de Van der Meulens.

Nei it skoft komt Lieuwe mei de skou troch Grou yn 1944. Hy begjint by de Baai by Broer Stellingwerf lâns. Dan Dempste Haven, Wite brêge, 2 arken, skouen, brêgewipper, Lange Jammer, Jiskebult, húsketonnen en de Pikmar. Dan de Luif oan de Mar, It Teehûs, GWS-steiger mei allinne skouwen, in âld flachje fan GWS, de yngong fan de Boerewâl. Willem Adema (1880-1958) Oerhaelspaed, de Grou, Kade, Oostergoo mei Fryske jachten en doe wer werom op it âlde plak. Tank oan Gjalt, Lieuwe en Bauke en oant de nije winterjûnen.

**Froukje Brouwer-van der Meer** is op 11 maart yn âldens fan 96 jier ferstoarn.

Nei in koart siikwêzen is op 23 maart ferstoarn **Anneke de Haan-Durkstra**, noch mar 55 jier.

Op 5 april fan ús hinnegien ús âld-stiper **An Keuning-Tichelaar**, krekt gjin 94 jier.

Op deselde dei is ferstoarn **Otte Schuurmans**, yn âldens fan 87 jier.

Op 8 maaie is (juf) **Jantje Okkema-Postma** ferstoarn, se waard 80 jier.

**Harm Visser** is op 15 maaie fan ús hinnegien, hy wie krekt in pear dagen 76 jier.

Yn âldens fan 95 jier is yn har wenplak Zeist op 7 july ferstoarn **Nieske van Breemen-Haites**.

Ald-stiper **Roel van der Schaaf-Hooghiemster** is yn âldens fan 93 jier op 22 july fan ús hinnegien.

Noch in âld-stiper **Afke de Boer-Kaastra** krekt gjin 80 jier, is ferstoarn op 26 july.

## IT ARGYF

Wy freegje ús stipers om foto's, aansichten, printen, wurklisten, brieven, notuleboeken en fersen, lieten, boeken dy't te meitsjen hawwe mei of makke binne troch Grousters oan ús argyf ôf te stean of yn brûklien te jaan, serieuze brûkers sille jimme tankber wêze.

As Jo Stifting Grou jildlik stypje wolle binne dêrta (belestingfreonlike) mooglikheden. Bygelyks it notariskantoar yn Grou kin Jo hjiroer neiere ynformaasje jaan.
---

## WA WIT WÊR WAT.

Hawwe Jo een fraach oer in bepaald barren of oer in persoan en Jo komme der net fierder mei, dan kinne wy hjir in oprop pleatse. Ien dy't mear fertelle kin of bygelyks in foto hat, kin dan kontakt sykje mei de dyjinge dy't de fraach stelt hat.

Frans Bakker hat de folgjende fraach:

As it my net mist hawwe, foardat it âlde stasjonsgebou ôfbrutsen is, it nije en it âlde gebou neist elkoar stien. Is der ek immen dy't fan dy sitewaasje foto's hat?

Fierders is der gjin fraach yntsjinne.